

*KlokLuiders!*

*Voor al die mensen die voor ons welzijn  
zo ontzettend hard knokken  
Luiden wij in de toren van de Johanneskerk  
in Weidum uiteraard de klokken!*

*Een kwartier Lang komen die warme  
vertrouwde klanken uit de toren,  
opdat zij bij de mensen de hoop  
op betere tijden weer doet gloren!*

*Dirk en Geeske Limburg*

Nijsbrief, 3 april 2020 Kleastergemeente  
Westerwert en Nijkleaster

**Bêste minsken,**


De corona-regels fan de ôfrûne perioade hâlde langer oan, krekt as wy wol ferwachte hienen. Mar it binne en bliuwe nuvere en foar guon swiere tiden. Us gedachten geane út nei siken, minsken dy't iensum binne en minsken dy't klappen te ferwurkjen krije. Mar fansels ek nei alle hurde wurkers yn it fjild, krekt sa't Durk dat moai ferwurde hat yn syn gedicht 'KlokLuiders'.

Ik hearde dizze wike immen sizzen: 'spitich, dit jier gjin Peaske'. Dy útspraak begryp ik fansels wol, want wy kinne net by elkoar komme om it Peaskefeest te fieren. Hiel spitich! Mar it is oare wike fansels wól Peaske! Mar oars as oars.

Yn dizze nijsbrief stean de folgjende ûnderdielen: meidielings, materiaal foar Palmpeaske, 'inkelde teksten' en dagboek van een dominee in Jorwert.

Wy wolle prebearje elke wike in nijsbrief te meitsjen. Oant no ta slagget dat. Jimme wurde útnûge om ús dêrfoar materiaal ta te stjoeren. Graach uterlik op tongersdei 9 april. Dat kinne gedachten wêze, gedichten, lieten, teksten ensafuorthinne. Graach stjoere oan [sietskevisser@ziggo.nl](mailto:sietskevisser@ziggo.nl)

Houd moed en heb lief!



ds. Hinne Wagenaar



## Meidielings:

1. ds. Hinne Wagenaar sil spontaan gjin minsken besykje want hy wol gjin rûnbringer fan it firus wurde. Mar hy komt, sa nedich, op fersyk del. Dan efkes in berjocht: 058-2550998 of [post@hinnewagenaar.nl](mailto:post@hinnewagenaar.nl)

ds. Wagenaar skriuwt in deiboek om wat 'kontakt' te hâlden. Hy set dat elke dei op syn eigen webside: [www.hinnewagenaar.fr1](http://www.hinnewagenaar.fr1) (Dagboek van een dominee in Jorwert). Yn de bylage fine jo de dagen fan 27 maart-2 april.

## De plannen foar de kommende wike(n):

2. Foar **Palmpeske** hat de jeugdcommissie filmkes makke. Yn de bylage 'Palmpeske - Palmpasen' fine jim in rige filmkes fan en foar LYTS&grut. Dy steane op Youtube. Jim kinne op de link klikke.
3. **Tsjerketsjinsten** binne der op snein fanút Frjentsjer om 10.00 oere.
4. De Protestantse Kerk verzorgt in samenwerking met de EO de komende zondagen **meditaties** (door ds. René de Reuver) op televisie ter vervanging van de kerkdiensten die niet doorgaan. Deze worden uitgezonden op NPO2 om 9.20 uur. Sjoch op: <https://www.protestantsekerk.nl/nieuws/de-liturgie-gaat-door-kerk-zijn-in-tijden-van-corona/>
5. Ds. Saskia Leene en ds. Hinne Wagenaar sille yn de Goede Wike op **Wite Tongersdei, Goed Freed, Stille Sneon en Peaskesnein** in koarte meditaasje dwaan by in ôfbylding dy't yn de ôfrûne jierren brûkt is. Dit wurdt letter oare wike opstjoerd en op de webside setten.
6. Us Paasviering fan 2018 sil dit jier op 'e nij útstjoerd wurde troch KRO-NCRV op Peaskemoandei rûn de klok fan 08.00 oere op NPO 2. Mar dy útstjoering stiet ek permanent op de webside fan KRO-NCRV: <https://www.kro-ncrv.nl/programmas/neverwondering/seizoenen/seizoen-2018/paasviering-kn1698308> (earst komt der in reklame filmke).
7. Westerwert en Nijkleaster hawwe in **kaart mei in peaskegroet** makke foar de Peaske. Dizze kaart wolle wy rûnbringe op alle adressen yn ús doarpen en stjoere oan minsken ferbûn mei Nijkleaster (mei de post en digitaal)
8. Elke moandei komt der in **Moment van Aandacht** (fia Marian Nijland, aandachtschenker) op webside, facebook en Instagram.
9. Elke woansdei komt der in **tekst mei besinningsfraach** (as by in kleaster-kuier) op webside, facebook en Instagram.